Tydskrift foar Fryske Taalkunde

jiergong 2 (1986)

nû.1

Frysk prate en praten*

GERMEN DE HAAN

It is algemien bekend dat der yn it Frysk twa morfologysk ferskillende ynfinitiven binne: de iene foarm, INF_e, bestiet ût 'e stam fan it tiidwurd en in schwa-achterheaksel (stavere as -e); de oare, INF_n, bestiet ût 'e stam fan it tiidwurd en in n-achterheaksel (stavere as -en), ek wol ûtsprutsen as [ən] yn guon gefallen, bgl. yn feien. De Fryske grammatikale tradysje beskriuwt de distribûsje fan dit soarte fan ynfinitiven faak as yn (1):

(1) INF_e komt foar as it tiidwurd ôfhinklik is fan helptiidwurden as kinne, meie, sille, doare, hoege, moatte, wolle en litte;

(2) INF_n komt foar
  a. as it tiidwurd ôfhinklik is fan helptiidwurden as sjen, hearre, fiele en fine;
  b. as it tiidwurd foarôfgongen wurdt troch it ferhâldingswurdachtige te;
  c. yn haadwurdposysje (as nominale ynfinityf).

It is meastentiids sa dat de iene ynfinityf net brûkt wurde kin op it plak fan 'e oare:

(3)a. wy litte de bern rinne
  b. *wy litte de bern rinnen
(4)a. *wy sjogge de bern rinne
  b. wy sjogge de bern rinnen
(5)a. *hy skynt te komme
  b. hy skynt te kommen
(6)a. *elk praat fan myn sûpe
  b. elk praat fan myn sûpen

---

*Graach wol ik de redaksje tank sizze foar har help by it ree meitsjen fan dizze bydrage.

Foarbyld (6) lit sjen dat ien fan 'e ferskillen tusken INF_e en INF_n is dat de lêste nominaal wêze kin en de earste net. No is it neffens Kalma (1950) sa dat it hjir net om in absolût ferskil giet. Der binne konstruksjes dêr't foarmen fan it type INF_e yn haadwurdposysje stean kinne. Hy jout dan û.o. de sinnen ûnder (7)-(10):

(7)a. winne wie slimmer as ferlieze
b. winnen wie slimmer as ferliezen
(8)a. *hy neamde winne slimmer as ferlieze
b. hy neamde winnen slimmer as ferliezen
(9)a. *arbeidzje komt op 'e lea oan
b. arbeidzjen komt op 'e lea oan
(10) arbeidzje, dat komt op 'e lea oan

Dizze sinnen bringe Kalma ta de folgjende útspraak:

"De mienefoarm (INF_e, GdH) kin dus gjin normale, mar wol in bysûndere nominale funksje hawwe. De mienefoarm kin allinne as ûnderwurp en foarwurp brûkt wurde as it begryp op himsels steld wurdt foar fierdere biskôging" (Kalma 1950: 89).

Tsjin dy útspraak fan Kalma is wol wat yn te bringen. De sinnen (7)-(10) binne Kalma syn iennichste arguminten foar syn sizzen dat INF_e allinne nominaal wêze kin <u>yn bysûndere omstannichheden</u>. Mar doge syn oardielen wol? Neffens my binne (8a) en (9a) grammatikaal. Dat wurdt noch wat dûdliker as wy de INF_e útwreidzje mei paslike bepalingen. Yn (7a) hawwe wy allinnich mar in INF_e as ûnderwerp. Dy ûnderwerpskloft kinne wy ek wat grutter meitsje:

(11) (dizze wedstriid) (mei ien-nul) winne wie slimmer as ferlieze

As wy dy útwreide kloft brûke yn 'e struktuer fan (8a) en (9a) dan krije wy neffens my grammatikale sinnen:

(12) hy neamde dizze wedstriid mei ien-nul winne slimmer as ferlieze
(13) dizze wedstriid winne komt op 'e lea oan

Mar as dat wier is, dan is net allinnich Kalma mis, mar ek de tradysje (sjoch nochris nei (1) en (2)): it liket der ommers in soad op dat INF_e systematysk foarkomme kin yn haadwurdposysjes, ek sûnder bysûndere funksje. Foar ûs reden genôch om de skaaimerken fan ynfinitiven nochris te besjen.

INF_e en tiidwurdkloften

Earst fergelykje wy eigenskippen fan INF_e/INF_n-kloften dy't ôfhinklik binne fan helptiidwurden, mei dy fan konstruksjes fan it type (11)-(13).

1. **part fan in tiidwurdkloft**

Yn it gefal fan INF_e/INF_n-kloften dy't ôfhinklik binne fan helptiidwurden hawwe wy te meitsjen mei in soarte fan sinachtige kompleminten. Dit soarte fan kompleminten hat de eigenskip dat se yn ekstraposysje stean (hielendal oan 'e rjochterkant fan 'e sin) of in part binne fan in tiidwurdkloft (better: it tiidwurd fan it komplemint is in part fan in tiidwurdkloft). INF_e/INF_n-kloften dy't ôfhinklik binne fan helptiidwurden hawwe net de mooglikheid om yn ekstraposysje te stean --wy jouwe foarbylden mei ôfhinklike sinnen--:

(14)a. dat er juster de bern de wedstriid mei ien-nul winne liet
b. dat er juster de bern de wedstriid mei ien-nul winnen seach
c. *dat er juster liet [de bern de wedstriid mei ien-nul winne]
d. *dat er juster seach [de bern de wedstriid mei ien-nul winnen]

It leit dan yn 'e reden dat yn (14a-b) de INF_e/INF_n in part is fan in tiidwurdkloft mei <u>liet/seach</u>. Oan 'e hân fan saneamde lekferskynsels kinne wy sjen litte dat dat ek sa is. In lekregel lykas PP-oer-V dy't ferhâldingswurdkloften rjochts fan it tiidwurd delset, behannelet de rige <u>winne liet</u> en <u>winnen seach</u> as wie it ien tiidwurd. Fergelykje dêrta de foarbylden mei PP-oer-V yn (15):

(15)a. dat er juster de bern de wedstriid ___ winne

liet mei ien-nul

b. dat er juster de bern de wedstriid ___ winnen seach mei ien-nul

c. *dat er juster de bern de wedstriid ___ winne mei ien-nul liet

d. *dat er juster de bern de wedstriid ___ winnen mei ien-nul seach

No binne der INF_e-kloften dy't dy eigenskip (in part wêze fan in tiidwurdkloft) net hawwe. Sa foar it each liket foarbyld (16a) mei in INF_e wol op (14a):

(16)a. dat hy juster [de wedstriid mei ien-nul winne] aardich fûn

Mar oan foarbyld (16b-c) docht bliken dat winne hjir net in part is fan in tiidwurdkloft:

(16)b. *dat er juster [de wedstriid ___ winne] aardich fûn mei ien-nul

c. dat er juster [de wedstriid ___ winne mei ien-nul] aardich fûn

2. Fonetysk realisearre ûnderwerp

De foarbylden (14a-b) litte sjen dat INF_e/INF_n-groepen dy't ôfhinklik binne fan helptiidwurden in eigen fonetysk realisearre ûnderwerp hawwe kinne. Dêryn ferskille sy ek wer fan 'e INF_e-kloft fan it type (16a):

(17) *dat er juster de bern de wedstriid mei ien-nul winne aardich fûn

Dat (17) net grammatikaal is, hat neat te dwaan mei de semantyk fan 'e konstruksje: it Frysk hat ommers wol sinnen as (18) mei deselde betsjutting as (17):

(18) dat er it juster aardich fûn dat de bern de wedstriid mei ien-nul wûnen

3. Ekstraksje

Syntaktyske kloften kinne ferskille op it mêd fan ekstraksjemooglikheden. It is in eigenskip fan tiidwurdkom-

pleminten dat se "transparant" binne. It is bygelyks mooglik om in part fan sa'n komplemint te befreegjen troch it derût te heljen en foarop te setten:

(19)a. ik wist net mei hoefolle oft er juster [de bern de wedstriid ___] winne liet
b. ik wist net mei hoefolle oft er juster [de bern de wedstriid ___] winnen seach

De INF_e-kloft fan it type (16a) hat dy ekstraksjemooglikheden net:

(20) *ik wist net [mei hoefolle oft er [de wedstriid ___ winne] aardich fûn]

4. **Distribûsje**

De distribûsje fan INF_e/INF_n-kloften dy't funksjonearje as tiidwurdkompleminten is fansels tige beheind. Wy hawwe al sjoen dat dat foar INF_e-kloften fan it type (16a) oars is: yn (11) en (13) binne wy dat soarte fan kloften ek tsjinkaam yn haadwurdkloftposysje mei ûnderwerpfunksje. It liket derop dat se algemien foarkomme yn posysjes dy't it skaaimerk fan haadwurdkloften hawwe. Besjoch nochris de foarbylden ûnder (21)-(23) dêr't INF_e yn haadwurdkloftposysje stiet mei de funksje fan ûnderwerp yn (21a), fan saaklik foarwerp yn (22a) en ferhâldingswurdfoarwerp yn (23a). Ik lit ek sjen dat it net mooglik is yn dizze foarbylden INF_e te ferfangen troch INF_n:

(21)a. hy tinkt net dat dizze wedstriid winne op 'e lea oankomt
b. *hy tinkt net dat dizze wedstriid winnen op 'e lea oankomt
(22)a. hy kin wedstriden ferlieze net sa goed ferneare
b. *hy kin wedstriden ferliezen net sa goed ferneare
(23)a. oan wedstriden mei ien-nul ferlieze hie er in hekel
b. *oan wedstriden mei ien-nul ferliezen hie er in hekel

De earste konklûzje dy't ik hjir ût lûke wol, is dat INF_e net allinnich foarkomt ôfhinklik fan helptiidwurden sa't de tradysje it hawwe wol, mar ek as haad fan in wurdkloft dy't yn 'e posysjes fan nominale kloften stean kin en ek nominale funksjes hat. Omdat de eksterne eigenskippen fan dy INF_e-kloft in bult lykje op dy fan nominale kloften, ferwize wy fierder nei dat type as de nominale INF_e(-kloft). Op dit stuit wolle wy der net mei sizze dat dy nominale INF_e-kloft fan deselde kategory is as oare nominale wurdkloften.

INF_e en ekstraposysje-kompleminten

No't wy de nominale INF_e-kloft fergelike hawwe mei sinachtige kompleminten dy't in part binne fan in tiidwurdkloft, wolle wy itselde dwaan mei it soarte fan kompleminten dat de mooglikheid hat om yn ekstraposysje te stean.

1. **Ekstraposysje**

De sinnen (21)-(23) komme net allinnich foar mei nominale INF_e-kloften, mar ek mei sinachtige kompleminten yn ekstraposysje. It kin dêrby gean om (om)+te-ynfinitiven en dat-sinnen:

(24) hy tinkt net dat it op 'e lea oankomt om dizze wedstriid te winnen

(25)a. hy kin it net sa goed ferneare [dat er dizze wedstriid ferliest]

b. hy kin it net sa goed ferneare [om wedstriden te ferliezen]

(26)a. hy hie der in hekel oan [om wedstriden mei ien-nul te ferliezen]

b. hy hie der in hekel oan [dat er wedstriden mei ien-nul ferlear]

In grut ferskil tusken dy sinkompleminten en nominale INF_e-kloften is, dat de lêsten net yn ekstraposysje stean kinne: fergelykje dêrta (21)-(23) mei (27)-(29):

(27) *hy tinkt net dat it op 'e lea oankomt [dizze wedstriid winne]

(28) *hy kin it net sa goed ferneare [wedstriden ferlieze]

(29) *hy hie der in hekel oan [wedstriden mei ien-nul ferlieze]

Dizze sinnen binne wol grammatikaal mei in swiere pauze tusken de nominale INF_e-kloft en de rest fan 'e sin. Dan hawwe wy net mear te dwaan mei ekstraposysje mar mei dislokaasje, in ferskynsel mei hiel oare skaaimerken.

2. **Haadwurdkloftposysjes**

It docht bliken dat nominale INF_e-kloften net foarkomme kinne op it ekstraposysjeplak fan sinkompleminten. Oarsom is ek net mooglik: oer it algemien kinne sinkompleminten ek net op it plak stean fan haadwurdkloften, en dus ek net op it plak fan nominale INF_e-kloften:

(30) *hy tinkt net dat [dizze wedstriid te winnen] op 'e lea oankomt

(31)a. ?hy kin [dat er dizze wedstriid ferliest] net sa goed ferneare

b. *hy kin [wedstriden te ferliezen] net sa goed ferneare

(32)a. *oan [dat er wedstriden mei ien-nul ferlear hie er in hekel

b. *oan [wedstriden mei ien-nul te ferliezen] hie er in hekel

Foarbyld (31a) is wat better as de oaren, mar oer it algemien kinne dit soarte fan kompleminten net yn haadwurdkloftposysje stean.

3. **Komplemint fan in haadwurd**

Der is noch in tredde ferskil tusken nominale INF_e-kloften en sinachtige kompleminten. Sinachtige kompleminten kinne, oars as nominale INF_e-kloften, ferskine as komplemint fan haadwurden:

(33)a. de ferbazing [dat er Jan dêr seach]

b. de ferbazing [om Jan dêr te sjen]

c. *de ferbazing [Jan dêr sjen]

Hjirboppe hawwe wy sjoen dat de nominale INF_e-kloft yn 'e posysje fan nominale kloften stean kin en nominale funksjes hawwe kin. No docht bliken -en dat is ûs twadde konklûzje- dat dy kloft <u>net</u> stean kin op posysjes dy't

it skaaimerk binne fan tiidwurdachtige kloften ("sinnen"). As wy ûs beheine ta de eigenskippen fan de nominale INF_e-kloft nei bûten ta, dan liket it derop dat it hjir giet om in echte nominale INF_e-kloft. Dy INF_e-kloft koe dan wat dy eigenskippen nei bûten ta oanbelanget wol deselde kategory hawwe as de nominale INF_n.

De ynterne struktuer fan nominale ynfinityfkloften

De nominale INF_e-kloft koe dan, as it giet om dy eigenskippen nei bûten ta, wol yn deselde kategory sitte as de nominale INF_n, mar der binne grutte ferskillen tusken dy nominale ynfinityfkloften op it mêd fan 'e ynterne struktuer. Sjoch nochris nei de ynterne eigenskippen fan INF_n-kloften yn haadwurdkloftposysje:

(7)b. winnen wie makliker as ferliezen
(34) it winnen wie slimmer as it ferliezen
(35) it maklike winnen wie slimmer as it ferliezen
(36)a. *(it) dizze wedstriid winnen wie slimmer as it ferliezen
b. it winnen fan dizze wedstriid wie slimmer as it ferliezen
(37)a. it winnen fan dizze wedstriid mei ien-nul wie slimmer as it ferliezen
b. *it fan dizze wedstriid mei ien-nul winnen wie slimmer as it ferliezen

Dizze foarbylden litte fjouwer dingen sjen:

. INF_n-kloften yn haadwurdposysje kinne in typysk nominaal elemint as in lidwurd hawwe (fergelykje (7b), (34)). It is einliks sa dat yn 'e measte gefallen dat lidwurd der ek stiet;

. wurden dy't wat sizze oer de nominale INF_n hawwe de skaaimerken fan eigenskipswurden, sa as de fleksje -e fan maklike yn (35);

. saaklike foarwerpen yn dit soarte fan kloften moatte de foarm hawwe fan ferhâldingswurdkloften: it ferhâldingswurd fan moat yn dat gefal ynfoege wurde (fergelykje (36a-b));

. de folchoarder yn INF_n-kloften is: INF_n - foarwerpen/bywurdkloften.

Dat binne allegearre eigenskippen dy't wy ek fine yn 'e

ynterne struktuer fan echte haadwurdkloften. It komt der op del dat de ynterne eigenskippen fan INF_n-kloften yn haadwurdkloftposysje ek nominaal binne.

Hat de ynterne struktuer fan nominale INF_e-kloften ek dy nominale eigenskippen? Fergelykje dêrta de boppesteande foarbylden mei dy hjirûnder:

(7)a. winne wie slimmer as ferlieze
(38) *it winne wie slimmer as it ferlieze
(39)a. *maklike winne wie slimmer as ferlieze
b. maklik winne wie slimmer as ferlieze
(40)a. dizze wedstriid winne wie slimmer as ferlieze
b. *(it) winne fan dizze wedstriid wie slimmer as ferlieze
(41)a. *winne fan dizze wedstriid mei ien-nul wie slimmer as ferlieze
b. dizze wedstriid mei ien-nul winne wie slimmer as ferlieze

It docht bliken dat de eigenskippen fan 'e ynterne struktuer fan nominale INF_e-kloften krekt oars binne as dy fan nominale INF_n-kloften: de ynterne struktuer fan nominale INF_e-kloften is net dy fan in echte haadwurdkloft, mar dy fan in sinachtige/ferbale kloft. Dat koe wolris ien fan 'e wichtichste redens west hawwe wêrom't de tradysje gjin each hat foar de nominale funksje fan INF_e-kloften.

De kategoriale status fan nominale ynfinityfkloften

Wy hawwe sjen litten dat de ynterne en eksterne eigenskippen fan nominale INF_n-kloften gelyk opgean kinne mei dy fan gewoane haadwurdkloften. Haadwurdkloften wurde rekkene ta de kategory NP ("noun phrase"). De kategory NP is endosintrysk, dat wol sizze, de kategory NP hat in haad, nammentlik de leksikale kategory N (it haadwurd), en de eigenskippen fan NP wurde ôflaat fan 'e eigenskippen fan N. It sizzen is dan dat NP beskôge wurdt as in projeksje fan N.

Der is alle reden ta om nominale INF_n-kloften op te fetsjen as NP's, mei de nominale ynfinityf sels as N, as haad fan 'e konstruksje. Wy ferklearje dêrmei dat sokke INF_n-kloften deselde eigenskippen hawwe as gewoane NP's.

It liket derop dat nominale INF_n-kloften einliks ek gewoane NP's binne, mar dat is net hielendal sa: nominale INF_n-kloften hawwe in pear eigenskippen, dy't gewoane NP's net hawwe. Earst: it nominale haad fan in INF_n-kloft stiet in bywurd ta dat net bûgd wurdt. Fergelykje (35) mei (42):

(42) it maklik winnen wie slimmer as it ferliezen

Twad: yn INF_n-kloften kinne ferhâldingswurdkloften (net saaklike foarwerpen mei fan!) lofts fan it haad stean. Fergelykje (37a-b) mei (43):

(43)a. it mei ien-nul winnen fan dizze wedstriid wie slimmer as it ferliezen
b. *it fan dizze wedstriid winnen mei ien-nul wie slimmer as it ferliezen

Foar nominale INF_e-kloften leit it folle minder dûdlik. De ynterne eigenskippen wize ût dat dy kloften gjin projeksjes fan N binne, wylst se ekstern wol op NP's lykje. Wy soene de eksterne NP-achtige eigenskippen fan INF_e's ferklearje wolle troch oan te nimmen dat sy ek echt ta de kategory NP hearre. It problematyske dêrfan is dat wy dan in foarbyld hawwe fan in NP dy't net de ynterne struktuer fan in NP hat. It soe dan in soarte fan eksosintryske NP wêze.

Wy soene der ek fan ûtgean kinne dat nominale INF_e-kloften gjin NP's binne, mar dan sille wy dûdlik meitsje moatte wêrom INF_e-kloften en NP's deselde eksterne eigenskippen hawwe. Wy binne dan de swierrichheid fan de eksosintryske NP wol kwyt, mar wy hawwe der in oaren foar yn 't plak krigen.

Wat wol dûdlik is, is dat in nominale INF_e-kloft in sinachtige en/of ferbale kategory befettet. Neffens De Haan & Weerman (1985) hat yn it Frysk in folsleine sin in struktuer as (44):

(44) $[_{\bar{S}}\ [_{INFL}\ \pm \text{Tense, (AGR)}]\ \ [_{S}\ NP[_{VP}\ldots V]]]$

INFL is in kategory dy't fonetysk realisearre ûnderwerpen mooglik makket en in sin in (ûn-)ôfhinklike tiidoantsjut-

ting jout. Omdat nominale INF_e-kloften beide mooglikheden net hawwe, is der reden om te ûnderstellen dat INF_e-kloften gjin INFL-category hawwe. De sinachtige category dy't in nominale INF_e-kloft befettet, is dus gjin S. Dêrmei leit it ûndersyk nei de struktuer fan nominale INF_e-kloften noch foar in grut part iepen. Mar dat der yn it Frysk in nominale INF_e-kloft is, stiet nei myn betinken fêst.

Utert, desimber 1985

Literatuer:

Haan, G.J. de & F. Weerman (1985): "Finiteness and verb fronting in Frisian". Yn: H. Haider & M. Prinzhorn (eds.), Verb second in Germanic languages. Dordrecht, s.77-110.

Kalma, D. (1950): "Sizze, to sizzen, sizzen". Yn: De Pompebledden 21, s.83-89.

De Fryske nammen foar de Asio flammeus (Pontoppidan)

JARICH HOEKSTRA

De offisjele Fryske namme foar de Asio flammeus (Pontoppidan), velduil yn it Hollânsk, is katûl(e) (Boersma (1981:15)). De fûgel hat syn namme krigen fanwegen syn kateftige kop (Vogels in Friesland (1977-II:879)). No is dat in skaaimerk fan 'e measte ûlen, dat it docht jin gjin nij dat de namme katûl(e) ek wol foar oare ûlesoarten brûkt wurdt; De Vries (1928:50-52) jout de namme op foar hoarnûl(e) (Hol. ransuil) en de goudûl(e) (Hol. kerkuil), wylst de wâldûl(e) (Hol. bosuil) neffens him ek wol grutte katûl(e) neamd wurdt. It Hynljipper katoele is ek in "benaming voor diverse soorten uilen" (Blom (1981)). Net allinnich wurdt katûl(e) brûkt foar mear as ien ûlesoarte, oarsom hat de Asio flammeus ek noch oare nammen as katûl(e). Hy hyt yn it Frysk nammentlik ek wol ûlekoffe of ka(r)tof. It komôf fan dy twa wurden is it my yn dit stik om te rêden.

Lit my begjinne mei de ûlekoffe. It wurd ûlekoffe is foaral bekend ût it wurk fan Gysbert Japiks dêr't it ienkear foarkomt, yn it fers Muwze-booste (Brouwer e.o. (1966-I:38)):

> 't Berde dat in Uwlle-koffe,
> Lanz dizze' Sleat-ig, dear hy laey,
> Mey in Muwske noam sijn draey,
> Dat him, ijnne flecht, ontploffe.

Halbertsma (a.1869-A:662) jout it wurd as oele-coffe, Friesch Woordenboek (1911-III) hat ûlekoffe mei it wat ferhaspele sitaat ût Gysbert Japiks derby en De Vries (1928:51) neamt it wurd njonken katof as beneamming foar de Asio flammeus. Fierders hat Sjoerd Spanninga (1962:54) it in kear tepas brocht yn syn bondel Rattelmansreau:

> Bytiden is 't in rûge pôlle yn it wetterlân,-
> Ûnhearber fleane hjir de ûlekoffen om,

de spoekefûgels fan de skimerjoun.

Ut 'e sprektaal is ûlekoffe my net bekend en it is skoan mooglik dat alle lettere fynplakken fan it wurd streekrjucht of via-via tebekbrocht wurde moatte op Gysbert Japiks.

Yn dat gefal soe men deroan twifelje kinne oft Gysbert Japiks einliks mei de ûlekoffe wol in Asio flammeus bedoeld hat. Epkema (1824) komt yn syn wurdboek op Gysbert Japiks net fierder as "eene groote soort van Nachtuil, die zich doorgaans ophoudt in riet-bosschen, waarin hij zich verschuilt, om op andere vogels enz. te loeren, en van daar opvliegt langs de slooten". "Dit laatste", skriuwt er, "ben ik verschuldigt aan den Heer Gouverneur, Jr. Humalda, welke my melde, dat men ze op de jagt dikmaals ziet langs de slootkanten vliegen". Friesch Woordenboek (1911-III) is spesifiker; dêr is in ûlekoffe in "velduil, otus brachyotus (in âldere beneamming foar de Asio flammeus, J.H.), die zich meest ophoudt in lage veenachtige streken en rietbosschen". Mei't der gjin dûdlike oanwizings binne dat se it wurd ûlekoffe ût oare, ûnôfhinklike boarnen kennen ha, hat it alle eigenskip dat Epkema en Woordenboek mar wat oan it rieden binne nei de idintiteit fan Gysbert syn Uwlle-koffe. Dat, it bliuwt ûnwis oft it wurd wier nei de Asio flammeus ferwiist; De Vries (1928: 51) syn opjefte kin op Friesch Woordenboek tebekgean en de moderne wurdboeken dy't de ûlekoffe as "velduil" opnommen ha, basearje har grif op De Vries en/of Friesch Woordenboek. Men kin jin nammers sels ôffreegje oft Gysbert Japiks mei syn Uwlle-koffe wol op in aparte soarte fan ûle doelt; it wurd soe al sa goed slaan kinne op "ûle" yn 't ginneraal.

Foar dat lêste pleitet nei myn betinken de etymology fan it wurd. Ulekoffe is in gearsetting fan ûle en -koffe. It earste lid is dûdlik. Fan it twadde seit Halbertsma (a.1869-A:662): "coffe avis". Ulekoffe soe dan in apposisjonele gearsetting wêze, lykas bgl. einfûgel, kobist en boekebeam. Sokke gearsettingen ha in twadde lid dat in algemiene klasse oantsjut dêr't it earste lid ûnder beflapt wurdt. Sa't in einfûgel in ein is, in kobist in ko en in boekebeam in boek, is in ûlekoffe dan in ûle. As beneamming foar in aparte soarte fan ûle soe

in apposisjonele gearsetting ûlekoffe net mooglik wêze.

Hoewol't Halbertsma ha wol dat -koffe "fûgel" betsjut, komt it wurd yn dy betsjutting net selsstannich foar. Yn oare talen fynt men ek gjin direkte oanslutingspunten. Mar faaks is it mooglik en bring it wurd gear mei in skift foarmingen dy't ôflaat wurde kinne fan labiaalûtwreidingen fan 'e Yndojeropeeske woartel *gēu, *gəu-, *gu- "bûge, kromje, wulvje" (Pokorny (1959:393)). Foar it Frysk kin men dêr bygelyks ta rekkenje:

a. (bientsje)kou "hokje op it tsjerkhôf foar de deabonken" (âi. cofa, ni. cove; âno. kofi; mhd. kobe, nhd. Koben; sj. Brouwer (1953:38-41));
b. kob(be) "part fan in net" (hol. kub(be));
c. kob(be) kôb(el(er)) "seefûgel";
d. kobbe(l) "switdrip";
e. kof(fe) "soarte fan skip".

Mei it twadde lid fan 'e gearsetting ûlekoffe kin dan, lykas mei kobbe "seefûgel" (De Vries (1971) s.v. kobbe), in fûgel oantsjut wêze mei in grou, rûn liif, wat foar in ûle krekt fan pas wêze soe.

Gearfetsjend kin men sizze dat it wurd ûlekoffe nei alle gedachten by eintsjebeslût tebekgiet op ien fynplak by Gysbert Japiks. It wurd is moaiwis in apposisjonele gearsetting mei de betsjutting "grouwe ûle(fûgel)". De ferkearde, spesifike betsjutting "katûle, Asio flammeus" is it wurd letter, troch Friesch Woordenboek (1911-III), tatocht, is oernommen troch De Vries (1928) en hat him sûnt set, alteast yn 'e wurdboeken.

It wurd ka(r)tof (ûtspraak [ka(r)tof], en net [kɔtɔf] sa't Frysk Wurdboek (1984) ha wol) wurdt troch De Vries (1928:51) en de wurdboeken ek oanmurken as in beneamming foar de katûle. T. Zoethout ût Droegeham jout yn De Pompeblêdden (1959:140) op: "In dikke kartof. Heard fan in âld freon fan 86, doe't er my in opsette katûle oanwiisde". Dy opjefte en twa opjeften yn it GFW-materiaal ût Eastermar en De Pein wize foar de spried fan it wurd de wâldkant ût.

Ka(r)tof haw ik yn oare talen en dialekten gjin wjergaders fan fine kinnen, op ien ûtsûnderinkje nei dêr't ik it aansen noch eefkes oer ha sil. Apart oan it wurd is de klam. Dy falt nammentlik op it twadde wurdlid. Mei't

yn 'e Germaanske talen de primêre klam trochstrings op it earste wurdlid komt, soe men by ka(r)tof tinke kinne oan in lienwurd ût bygelyks in Romaanske taal. Dat smyt lykwols neat op.

Heinrich Schröder (1906) hat der op wiisd dat der yn it Dûtsk, mar ek yn oare Germaanske talen, in rûfeltsje wurden foarkomme dy't in Ûngermaansk klampatroan sjen litte, d.w.s dy't haadklam ha op it twadde wurdlid, mar dy't etymologysk min te plak te bringen binne, at men siket yn net-Germaanske talen. Hy besiket sokke wurden te ynterpretearjen as "streckformen". "Streckformen" definiearret er as "solche wortbildungen, die entstanden sind durch [entwicklung oder] willkürliche einfügung eines beliebigen vokals oder eines vokals und konsonanten [zwischen den anlautenden und den darauf folgenden konsonanten oder auch] zwischen den (bez. die) anlautenden konsonanten und den vokal der tonsilbe, wobei dieser den ton behält, obgleich er nun nicht mehr in der ersten silbe steht". Foar in part soenen "streckformen" organysk ûntstien wêze troch svarabhakti-foarming, bygelyks Swabysk baladern "eamelje, jeuzelje" < bladern "id.". De term "streckform" wurdt lykwols benammen brûkt foar wurden dêr't spontaan in fokaal + konsonant ynfoege wêze soe, lykas yn Eastfrysk klabattern "prügeln; galoppieren" < klattern "klappern, rasseln, prasseln, knattern". Yn fierwei de measte gefallen bestiet it ynfoege elemint ût in fokaal [a] en in labi(odint)ale of likwide konsonant [m,b,f,p,w,l,r], mar oare fokalen en konsonanten binne mooglik. "Streckformen" ha in sterk emotyf karakter. Schröder (1906: 255-256) seit oer de betsjutting: "In den allermeisten fälle decken sich die bedeutungen der streckformen, soweit sie in wörter ausgedrückt werden können, ganz genau mit denen ihrer grundform, und nur den klang, die färbung wird durch das infix verändert, entweder in scherzhaften oder in verächtlichen richtung, und schallnachahmende wörte erhalten durch das infix auszerdem ein intensive und iterative geltung".

Omt it Fryske wurd ka(r)tof in ôfwikende klam hat en ûntliening ût bygelyks in Romaanske taal net yn 'e reden leit, soe men by dat wurd ek tinke kinne oan in "streckform". Skrast men it elemint tusken 'e begjinkonsonant en de beklamme fokaal dan krijt men kof dat jin de Uwle-

koffe fan Gysbert Japiks yn 't sin bringt. Semantysk liket dat net sa raar. Ka(r)tof hat, lykas it eventuele grûnwurd *kof(fe) dat faaks al hie, in wat geklike of leechlizzende konnotaasje. Dam Jaarsma (Eastermar, 1967) jout ka(r)tof ek op foar "in rakkert fan in frommes".

Oflieding fan ka(r)tof ût *kof(fe) soe yn safier ek nijsgjirrich wêze dat de wurdfamylje dêr't *kof(fe) yn thûsheart, at men Schröder (1906:26-27) leauwe mei, al mear "streckformen" opsmiten hat. Sa soenen Frysk kombof en kebûfke mei bygelyks Eastfrysk kabuf, kebuf "hutte, âld brekfallich hûs" by einsluten tebekgean op foarmen lykas Midleechdûtsk kuffe, küffe "lyts brekfallich hûs", Hollânsk kof, kuf "kroech, seupelhûske".

Alhoewol't de ferklearring fan ka(r)tof as "streckform" meskien in pear aardige kanten ha soe, kin men der oan twifelje oft er goed is. De "streckform" is nammentlik in frijwat wippelich konsept. Yn 't foarste plak uteraard al omt it by "streckformen" giet om it "willkürliche" ynfoegjen fan in "beliebigen" fokaal of fokaal + konsonant, dêr't ien en oar ek noch in sterk emotyf karakter hat. Boppedat binne de foarbylden fan "streckformen" dy't Schröder jout net allegearre like oertsjûgjend en mei men neffens my in skalk each ha op syn teory oer it ûntstean fan "streckformen" (ût geheimtalen!). Hoewol't it net fuort útsletten wurde moat dat der sokssawat as in "streckform" bestiet , kin men dêr by etymologyske ferklearringen mar better net te gau nei gripe, mei't de "ferklearjende krêft" fan it begryp tige lyts is. Ik woe de mooglikheid dat ka(r)tof in "streckform" is hjir yn alle gefallen tepraat bringe, mar ik soe dêrnêst in útstel dwaan wolle dat nei myn betinken wat better ûnderstipe wurde kin.

Ynpleats fan ka(r)tof as in "streckform" te beskôgjen, soe men ek tinke kinne oan in âlde gearsetting mei as earste lid itselde kat- as yn katûle. Der moat dan noch útlein wurde (1) wat in -of is, (2) wêrom oft de klam dy't yn gearsettingen ornaris op it earste lid komt, ferskood is, en (3), mar dat is in lytser puntsje, wêrom oft foar de t in r ynfoege wurde kin.

It twadde lid fan ka(r)tof soe ik gearbringe wolle mei Aldingelsk ûf, Aldnoarsk ûfi, Aldheechdûtsk ûvo,

Midheechdûtsk ûfe, ûve "ûle" en Midhollânsk ufe, uuf "falk". It wurd is lykas ûle in onomatopee; de fûgel is neamd nei syn rop (sjoch fierders de eymologyske wurdboeken). Om de o yn -of te ferklearjen sille wy dan oannimme moatte dat de oarspronklike Germaanske u yn it Aldfrysk al ier ferkoarte is ta u (meskien yn it sekondêr beklamme wurdlid, doe't kat-of noch gearsettingsklam op it earste wurdlid hie), omt allinnich koarte u ta o wurde koe yn it Aldwestfrysk; in lange û hie yn it Nijfrysk [u(:)] (of [y(:)]) wurden, ferl. slûf (slûf), stûf.

Salang at katof noch as in gearset wurd opfette waard, hood it wurd de gearsettingsklam op it earste lid. Doe't de Aldfryske wjergader fan Aldingelsk ûf ensfh. as selsstannich wurd weiwurden wie, sil it twadde lid fan katof sa njonkelytsen net mear begrepen wêze; de gearsetting katof waard optlêst ûntrochsichtich, de betsjutting fan it wurd koe net mear opmakke wurde ût 'e gearsettende dielen.

Ornaris stiet tusken 'e gearsettende dielen fan in gearsetting in wurdgrins, mar at in gearsetting semantysk minder transparant wurdt, giet soks mank mei in ferswakking fan 'e wurdgrins. Dat hat wer gefolgen foar de wurdlidopdieling fan in wurd. De wurdlidgrins falt gear mei de wurdgrins, mar tsjucht him neat oan fan swakkere grinzen lykas de morfeemgrins. Sa komt yn in gearset wurd lykas bloedier de wurdlidgrins op itselde plak as de wurdgrins, nammentlik tusken bloed- en -ier, mar in wurd as hoeder mei in morfeemgrins tusken hoed- en -er wurdt ôfbrutsen as hoe$der, lykas bygelyks it monomorfematyske sou$der. At yn gearset wurd troch semantyske ferdizening de wurdgrins ferswakke is, wurdt it wurd krektsa yn wurdlidden opdield as net-gearsette wurden. Sa wurdt in gearsetting as bûthûs, at er net mear as gearset wurd opfette wurdt, net ôfbrutsen as bût$hûs, mar as bû$t(h)ûs. It weifallen fan 'e h tsjut ek oan, dat de wurdgrins ferswakke is; in h kin yn it Frysk nammentlik allinnich oan it begjin fan in wurd stean. Yn katof ferskode, nei't de gearsetting ûntrochsichtich wurden wie en de wurdgrins tusken kat- en -of ferswakke wie, de wurdlidgrins nei de posysje tusken de a en de t: ka$tof.

Doe't katof net mear in gearsetting wie, krige it ek net mear gearsettingsklam, mar joech it him nei it klam-

patroan fan monomorfematyske wurden. Der wurdt wol oannommen dat de klam yn sokke wurden beskaat wurdt troch in foech weachproseduere (Visch & Kager (1984)). Ut 'en rûgens komt dat hjir op del dat de wurdlidden fan in wurd woegen wurde en dat oan it swierste wurdlid by foarkar de haadklam tawiisd wurdt. Der bestiet de neikommende hierargy fan wurdlidgewicht (allinnich it rym fan it wurdlid, dat wol sizze it part fan it wurdlid sûnder de begjinkloft, telt mei):

F	licht
FF FK	swier
FKK FFK	superswier

(F = fokaal, K = konsonant; FF is in lange fokaal of in twilûd)

Sûnder ûs no yn 'e fine puntsjes fan dy weagerij te jaan, sil it dûdlik wêze dat yn in twawurdliddich wurd dat bestiet ût in wurdlid mei in F-rym en in wurdlif mei FK-rym, it lêste swierder is as it earste en sadwaande trochstrings primêre klam krijt. Dêrom wurdt it si'gret, sta'sjon, pi'stol, ba'zar en sa ek ka'tof.

De ûntjouwing fan katof, sa't ik dy hjir ûtinoar set ha, krijt in aardige stipe fan it wurd ketoel. Santema (1939:4) skriuwt yn syn boekje oer de skiednis fan Toppenhuzen en Twellegea: "Einfûgels, reiddompen, ketoelen*, binne mei wit ho folle oare rôvers en sjongers de bewenners" en by ketoelen tekenet er oan: "Hoanskrobber, Hoannebiter, Hoannemosk, Mûzebiter, Ned. kuikendief". Ketoel is sûnder mis itselde wurd as katûl(e). De oarspronklike lange û fan -ûle is fertwilûde (ferl. Hynljippersk oele [u.ɪlə]) en it wurd is semantysk ûntrochsichtich wurden. Dêrtroch koe de namme *katoel, ketoel op in stuit fan 'e katûl(e) oergean op in oare rôffûgel, de hoanskrobber. Mar it wie ek fan dy gefolgen dat de wurdgrins ferswakke en de wurdlidgrins ferskode nei de posysje tusken a (letter [ə]) en t. *Katoel krige gjin gearsettingsklam mear, mar waard behannele as in monomorfematysk wurd. Mei't in superswiere FFK-syllabe it fleurich winne kin fan in lichten ien, ferl. ka'stiel, ba'naan, gi'taar, ri'oel,

kaam de haadklam yn katoel op -toel en de a fan it sekundêr beklamme ka- waard redusearre ta [ə].

De r dy't him yn ka(r)tof oppenearje kin, jout net folle swierrichheid mear; it ynfoegjen fan in r nei in sjwa (inkeld a) en foar de dentale konsonant fan in primêr of sekondêr beklamme wurdlid, komt wol faker foar, ferl. Ternaard, langernôch, opsternaat, skarlûn, ke(r)-stanje (Hoekema (1959:72)).

Ik bin fan betinken dat de ferklearring fan ka(r)tof as kat + of (= "ûle") frijwat oannimliker is as de "streckform"-ferklearring, al bliuwe der noch wol wat ûnwisse dinkjes oer. Sa is it fansels lestich dat der net in Aldfrysk *ûf "ûle" oerlevere is, mar it postulearjen dêrfan is faaks net in alte grutte gok, at men besjucht dat it wurd moai algemien Germaansk is. Fierders is de ûntjouwing fan in eventueel *ûf oer -uf nei -of meskien fonetysk wol oannimlik, mar net mei in soad wisse parallellen te adstruearjen.

Ik ha niis sein dat der gjin net-Fryske wjergaders binne fan katof op ien útsûndering nei. Yn 'e nijste Van Dale (1984-II) stiet nammentlik it wurd katof ek yn 'e betsjutting "velduil". Dat is ynsafier wat nuver, dat it wurd nòch yn it W.N.T. nòch yn eardere printingen fan Van Dale nòch yn oare Hollânske wurdboeken te finen is. Bestiet katof wier yn it Hollânsk en is it no earst kodifisearre, of, en dêr hingje ik op dit stuit in bytsje nei oer, is it fia Hollânske fûgelboeken dêr't wol gauris de Fryske en oare "folksnammen" yn neamd wurde, yn Van Dale bedarre?

Literatuer:

Blom, G. (1981): Hylper Wurdboek. Ljouwert/Leeuwarden.

Boersma, J. (1981): It wylde fûgelt; List fan Fryske fûgelnammen. Ljouwert.

Brouwer, J.H. (1953): "Beenkoe-bientsjekou (Wurdboekstûdzjes 1)". Yn: Us Wurk 2, 38-41.

Brouwer, J.H., J. Haantjes & P. Sipma (1966-I en II): Gysbert Japicx Wurken. Boalsert.

Van Dale (1984-II) Groot Woordenboek der Nederlandse taal. Utrecht/Antwerpen.

Epkema, E. (1824): Woordenboek op de gedichten en verdere geschriften van Gijsbert Japicx. Leeuwarden.
Friesch Woordenboek (1911-III), bewerkt door Waling Dijkstra. Leeuwarden.
Frysk Wurdboek (1984) Frysk-Nederlânsk. Hânwurdboek fan 'e Fryske taal gearstald troch J.W. Zantema. Leeuwarden/Ljouwert.
Halbertsma, J.H. (a.1869-A): Lexicon Frisicum A. (Hs. P.B.).
Hoekema, T.B. (1959): "Oer de ûnhistoaryske r yn it Frysk". Yn: Us Wurk 8, 72.
Pokorny, J. (1959): Indogermanisches Etymologisches Wörterbuch. Bern.
Santema, O. (1939): Ta de skiednis fen Toppenhuzen en Twellegea. Ljouwert.
Schröder, H. (1906): Streckformen. Heidelberg.
Spanninga, S. (1962): Rattelmansreau. Drachten.
Visch, E. & R. Kager (1984): "Syllable Weight and Dutch Word Stress". Yn: Hans Bennis & W.U.S. van Lessen Kloeke (eds.), Linguistics in the Netherlands 1984. Dordrecht.
Vogels in Friesland (1977-II). Leeuwarden.
De Vries, T.G. (1928): Aves frisicae (lyst fen Fryske fûgelnammen). Oarde, forbettere en formeare printinge. Ljouwert.
De Vries, J. (1971): Nederlands Etymologisch Woordenboek. Leiden.

B E S P R E K

Festschrift Dr. F. Paulsen (=Nordfriesisches Jahrbuch 1984). Bräist/Bredstedt, Nordfriisk Instituut.

Nim oan jo hawwe twa talen A en B en in ferskynsel dat yn beide talen foarkomt. Dan binne der al gau trije mooglikheden. Of it ferskynsel hat him yn 'e iene taal ûnôfhinklik fan 'e oare taal ûntwikkele, of jo ûnderstelle dat beide talen it yn in mienskiplik foarstadium al hân hawwe, en it kin ek noch sa wêze dat de iene taal it ferskynsel letter fan 'e oare taal oernaam hat. Betingst dêrfoar is dan fansels al dat der dan ek in reele mooglikheid west ha moat foar ûntliening. By oanswettende talen sil jin dan sa'n ûntliening dan ek gauwer oan wolle as by talen dy't geografysk fierder ûtinoar lizze, bygelyks it hollânsk en it noardfrysk.

Likegoed besiket N. Arhammar yn syn bydrage "Ein sicheres Indiz für nordfriesisch-holländische Zweisprachichkeit während der Seefahrtsepoche der Inselfriesen. Das nicht-finale/konsekutive Invinitivsätze einleitende am/om >um<" oan 'e feestbondel foar F. Paulsen om oannimlik te meitsjen dat konstruksjes as yn it noardfryske Ik haa nin tir, om di to helpen ôflaat binne fan hollânske lykas yn Ik heb geen tiid om je te helpen. Hy nimt oan dat de konstruksje Noardfryslân berikt hat fia it moai grutte tal farrenslju dat yn 'e 17de en 18de ieu wichtige kontakten mei de hollânske skipfeart ûnderholden ha moat. Ommers, yn it heechdûtsk komt de konstruksje net foar en yn it platdûtsk hat er ek kwealik betsjutting. As oanfoljende oanwizing foar in ûntliening fan 'e konstruksje jout er noch de eigen waarnimming dat hjoeddedei sprekkers fan it heechdûtsk yn Hollân de konstruksje ek nei ferrin fan tiid maklik oernimme, en dat de funksjewurden töögen (Syltersk foar "tsjin") en "vermutlich" of ek oan it hollânsk ûntliend binne.

Nearne bringt Arhammar de mooglikheid nei foarren dat de konstruksje miskien ek troch in ynterne ûntjouwing yn it eilânnoardfrysk ûntstien wêze kin.En in bytsje foarsichtigens soe dochs wol op syn plak wêze. Ommers, de list fan funksjewurden dy't er oandraacht is op himsels

net botte yndrukwekkend, en yn it algemien is wol bekend dat syntaktyske konstruksjes net al te gau liend wurde. Boppedat, hoe soe dat krekt yn syn wurken gien wêze moatte? Foar Arhammar syn hypteze sprekt dat de kommandeurs yn 'e eilanner mienskip grif in grut sosjaal prestiizje hân hawwe. Mar oan 'e oare kant, dy lju sieten fansels wittelang op see, en dêrtroch sil de rol fan 'e froulju, dy't net hollânsk-frysk twatalich west ha, yn it taalwinningsproses noch grutter west ha.

Yn it rynske matriaal dat Arhammar prissentearret sitte fierders noch in pear eigenaardichheden dy't er sûnder kommintaar gewurde lit. Sa is it opmerklik dat de skriuwer Arfst Jens Arfsten de konstruksje mear yn it platdûtske part fan syn wurk brûkt as yn it Feringer part. Der fan ûtgeande dat it ferskynsel troch noardfrysk pratende seelju ymportearre wêze soe, soene men ferwachtsje dat de ferhâlding krekt oarsom wêze soe. Ek is it opfallend dat it bynwurd op Amrum en Föhr net de hollânske foarm om mar am hat.

Begryp my goed, ik hâld hjir net ût dat de konstruksje net ût it hollânsk komme soe. Wol bin ik fan betinken dat jo mei sokke dingen altyd tige hoeden omgean moatte omdat de falsifiearberens fan dy lienderij om it sunich te sizzen net oerhâldt. Of yn 'e wurden fan Chen (1972,465): "to the argument that dialectmixture can never be disproven we merely say that we are careful not to be overly eager to use it as an explanatory mechanism precisely for the same reason". Arhammar kin om my bêst gelyk ha, mar syn toan is my hjir en dêr wolris wat te triomfantlik, bygelyks yn frazen as "die Schluszfolgerung (...) (ist) beinahe zwingend" (s.189),"mit ausreichender Wahrscheinlichkeit" (s.196) en "sicheres Indiz".

Dat lêste komt ût dy lange titel, en dy liket de riddenearring wat om te draaien. Ommers, yn it stik sels wie Arhammar syn ûtgongspunt hieltyd dat dy noardfryske seelju sa'n bytsje twatalich wiene en dat dêrom dy hollânske syntaktyske konstruksje yn it noardfrysk oernaam wurde koe. Mar yn 'e titel fan it stik is it foarkommen fan 'e konstruksje ynienen "ein sicheres Indiz" foar de twataligens. Wy sille mar oannimme dat de gearwurking mei de koppemakker net hielendal optimaal west hat.

Fierwei it nijsgjirrichste artikel ût 'e bondel fûn ik dat fan Karen H. Ebert "Zum grammatischen Differenziertheit des Dialekts (am Beispiel Fering)". Achtergrûn fan it stik is dat se derop wize wol dat dialekten yn tsjinstelling ta ferstanderdisearre talen soms mear ûtdrukkingsmooglikheden ta har foldwaan hawwe. Se hellet yn dat ferbân fjouwer ferskynsels yn it Fering foar it ljocht. At dy ferlike wurde mei it westerlauwerske frysk docht bliken dat der njonken ferskillen soms ek ferrassende parallellen op te merken binne. It earste ferskynsel is dat fan 'e rjochtingspartikels,dat se oars wiidweidiger behannele hat yn Ebert (1980). De kar fan it partikel wurdt mei beskaat troch de geografy fan it eilân en it docht dan ek bliken dat at Feringers fan har bertegrûn ôf binne se der somtiden folslein mei oan binne hokker partikel oft se yn beskate sitewaasjes foar kar nimme moatte.

It twadde ferskynsel dat se behannelet binne ûnderskate syntaktyske ûtdrukkingswizen foar "earne mei dwaande wêze". It Fering hat wat soartgelikens as it westerlauwerske of hollânske wêze/zijn + oan/aan + de nominale foarm fan 'e ynfinityf. Ebert wiist op 'e substandert dûtske foarm am + nominale foarm fan 'e ynfinityf en op 'e ingelske -ing-foarm. Se bringt oars fjouwer gefallen op it aljemint dat de ingelske foarm wol mooglik is en de feringer konstruksje net: "a) sich fortbewegen oder ruhen; b)etwas empfinden oder wahrnehmen; c) unabsichtlich Geraüsche hervorbringen oder sich bewegen; d) etwas einmaliges tun". Foar it lêste hellet se de foarbylden

(1a) She was sowing a skirt for Clara.
(1b) Hat säid an rok för Clara.

Hjir liket my oars yn it westerlauwersk in konstruksje mei "wie oan it naaien" wol wer mooglik.

Nijsgjirrich is fierders dat der op wiisd wurdt dat yn sokke konteksten sûnder problemen it tiidwurd weilitten wurde kin at der in objekt fan dat tiidwurd yn 'e sin stiet

(2a) Hat as uun't eerdbäären plookin.

(2b) Hat as uun a eerdbäären.
(3a) Se is oan 't ierdbeisykjen.
(3b) Se is yn 'e ierdbeien.

Sa't oan (3b) te sjen is, is sa'n weilitting yn it westerlauwersk ek mooglik, al feroaret dêr boppedat de preposysje. Foar wêze kin dêr ek it tiidwurd sitte brûkt wurde, byg.

(4) Hy sit yn 'e ierdappels.

Dat sintsje is sels trijefâldich ambigu. Njonken in letterlike betsjutting fan "in sithâlding oannimme" en it troch Ebert neamde "oan it wurk wêze" kin men der ek noch ûnder ferstean: hy hannelet yn ierdappels. De (b)-sinnen skine oars wol in meartallige NP te easkjen, alteast semantysk, want in kollektyf (5) mei ek:

(5) Hy sit yn 't hout.
(6) Hy sit/is yn 't hok.

Sin (6), dy't ek de lêzing fan "oan 't wurk" hat, lit lykwols sjen dat dat mar skyn is. Dêrtroch, en troch de oare preposysje, kin men der oan twifelje oft de westerlauwerske (b)-sinnen wol as in ferkoarting analysearre wurde moatte, lykas Ebert foar de feringer ekwivalinten suggerearret. Miskien jouwe de westerlauwerske sintsjes semantysk wol gjin oare ynformaasje as it algemiene "oanwêzich wêze op plak x", en wurdt de ynterpretaasje "oan it wurk wêze" ût 'e pragmatyske kontekst weihelle. Ofhinklik fan dy kontekst soe der dan ek spesifiker ynterpretearre wurde kinne, bygelyks yn it ierdappelfoarbyld "oan it setten, wjudden, dollen, sortearjen", ensfh.

Ferskynsel nûmer trije is dat ymperfektiviteit ûtdrukt wurde kin troch in tiidwurd fan rêst lykas de ekwivalinten fan sitte, lizze en stean (do sitst te dreamen). Ebert kin it fierders allinnich mar ût it platdûtsk, mar it hollânsk en ek it westerlauwerske frysk dogge hjir fansels likegoed mei.

It fjirde ferskynsel hat Ebert al einen wiidweidiger behannele yn har dissertaasje (Ebert 1970). It giet oer de twa soarten beskate lidwurden dy't it fering hat,

dy't begjinne mei resp. in a en in d. De earste fungearje dan as "Bekanntheitsartikel". Miskien hat it westerlauwersk ek wol in soartgelikens ûnderskied, allinnich soe it a-lidwurd dêre dan korrespondearje mei it ûntbrekken fan in lidwurd, of oarssein it lidwurd nul. By ûs is dat oars beheind ta in pear persoansnammen dêr't in unike referint mei oantsjut wurdt, lykas dûmny, notaris, boargemaster, en ek yn PP's as nei tsjerke, yn skoalle, foar iten, op bêd, ensfh. It troch Ebert jûne (7a) soe dan neffens my korrespondearje moatte mei it westerlauwerske (7b):

(7a) Huar wenet a bürgermäister?
(7b) Wêr wennet boargemaster?

It soe oars wolris wêze kinne dat it grinslâns mei it weilittene lidwurd folle mear op it Fering liket, mar dêr brân ik my de fingers leaver net oan.

Sa hat dus bliken dien dat Ebert har bydrage tige ryk is oan subtile obstrewaasjes dy't ek studinten fan oare talen ynspiraasje jaan moatte soene. Men soe as krityk hawwe kinne dat se guon ferskynsels op oare plakken al wiidweidiger behannele hat, en dat se op oare net djippernôch yngiet. Mar faaks hat de skriuwster ek earder in sinjalearjend as in analysearjend artikel skriuwe wold. Har ynlieding wiist dêr op, en faaks ek har slûtsin, dy't miskien ek foar ûnderwiislju yn it westerlauwerske frysk wol it oertinken wurdich is: "Der Erhalt und die Pflege der grammatikalischen Differenziertheit und Besonderheit erscheint mir auch wichtiger als die Wiederbelebung von ein paar >alten Wörtern<, da die spezifische Eigenart einer Sprache eher in der Grammatik als im Wortschatz liegt".

Oer de oare taalkundige bydragen ût dizze feestbondel woe ik koarter wêze. De stikken fan Ommo Wilts en A. G. H. Walker hawwe mienskiplik dat se beide net de empiry mar it ûndersyk sels behannelje. Wilts beskriuwt tige deeglik alle innen en oanen fan it skriuwen fan in wurdboek fan 'e taal fan 'e eilannen Föhr en Amrum. Ek Walker syn stik oer "Die Frisistiek in Nordfriesland - Wissenschaft zwischen Theorie und Praxis" is fral beskriuwend.

Kreas toffelt er alle projekten bylâns. It ûnderwerp soe op himsels oars tige gaadlik wêze foar in wat polemyske bydrage, mar de auteur skynt him wol aardich fine te kinnen yn 'e besteande praktyk.

It stik "Omkring udgivelsen af Outzens glossarium og Bendsens grammatik" fan Tony Feitsma giet ek oer de frisistyk sels, mar dan oer in tiid doe't wurden as "projekt" en "subsydzje" noch útfûn wurde moasten. Ut de argiven hat se safolle matriaal opdold dat der in hast spannend en yn alle gefallen tige lêsber ferhaal ut gearbroud wurden is. Foar wa't net sa'n deensklêzer is, de measte fan 'e (lange) sitaten binne yn it dútsk en hollânsk, en boppedat stiet achteryn in wiidweidige gearfetting.

Ek noch op taalkundich mêd lizze de etymologyske artikels fan Bo Sjölin oer de namme Föhr en Ulf Timmerman oer de namme Paye. Volkert F. Faltings giet yn op "Gewässerbezeichnungen im Flurnahmenwortschatz der Nordfriesischen Inseln unter besonderer Berücksichtigung der Insel Föhr". Jakob Tholund hat gelokkich útfûn dat twatalige learlingen op it Föhrer gymnasium likegoed leare kinne as har monolinguale klasgenoaten. En dan ta beslût noch even spesjale oandacht foar de jacht fan Dietrich Hofmann op it wurdsje "Bai" yn in âlde Föhringer ballade. Op fernimstige wize wit er oannimlik te meitsjen dat dat wat te krijen hat mei it deenske "bederdans", en net mei ûs "boai", sa't Krogmann útholden hat. It stik hat wol wat fan in detektiveferhaal, op prachtige wize wurket Hofmann nei de klimaks ta. Al geane se dan miskien mar oer in minuskûl probleem, sokke stûdzjes kinne my net genôch foarset wurde.

It hear oersjend is myn yndruk al dat it nivo fan 'e taalkundige bydragen yn 'e feestbondel foar Paulsen oer it ginneraal heger leit as dat yn 'e likernôch yn 'e selde tiid útkommene foar Miedema. Miskien hat dat wat te krijen mei de batterij oan akademyske titels, dy't achter yn it boek kreas op in rychje steane.It "Festschrift Dr. F. Paulsen" hat njonken in taalkundige ôfdieling oars ek noch acht artikels dy't lizze op in mêd dat op 'en koartsten oantsjut wurde kin mei "noardfrisianistyk". De wenstige huldewurden oan en in foto fan 'e jubilaris ûntbrekke net. De útfiering is fierder dy fan 'e gewoane

noardfryske jierboeken, en der mei wol even apart bysein wurde dat it boek ek nei de meast ferskuorrende tramtaasjes fan 'e besprekker noch altyd kreas yn 'e bân sit.

SIEBREN DYK

Bibliografy:

Chen, Matthew (1972): "The time dimension: contribution toward a theory of sound change". Yn: Foundations of Language 8, 457-498.

Ebert, Karen H. (1971): Referenz, Sprechsituation und die bestimmten Artikel in einem nordfriesischen Dialekt (Fering). Bräist/Bredstedt, Nordfriisk Instituut.

Ebert, Karen H. (1980): "Orts- und Richtungsangaben im Fering". Yn: Niels Danielsen e.o.: Friserstudier, 4 foredrag holdt ved Friserdagen i Odense 7. maj 1979. Odense, Odense Universitetsforlag.

John C. McKay: A Guide to Germanic Reference Grammars. The Modern Standard Languages. Amsterdam/Philadelphia (1984), John Benjamins Publishing Company.
Priis: 85 gûne.

Foar wa't it noch net wist: it Frysk is in taal, en sadwaande binne ek goed fiif siden yn boppeneamd boek foar Nederlân syn twadde rykstaal frijmakke. It beskriuwen fan in germaanske standerttaal is ien fan 'e kritearia dêr't McKay syn grammatika's op útsocht hat, en syn kar is neffens eigen sizzen op side xi sa útfallen dat bygelyks it Afrikaansk, Faeroersk en Jiddysk al, en it Platdútsk en Switserdútsk net behannele binne. It kritearium kin der ek wolris de reden fan wêze dat men fan it East- en Noardfrysk yn it boek neat werom fynt.

Op side ix fan 'e ynlieding wurde mear kritearia fan opnimmen neamd. Sa moatte de grammatika's publisearre wêze nei 1900. Fierders binne suver histoaryske grammatika's, wurken dy't mar ien spesifyk aspekt fan 'e grammatika beskriuwe en útsûnderlik koarte grammatikale oersjoggen derût litten. Dat lêste kin der net de oarsaak fan wêze dat "Spraeklear" fan Boersma & v.d Woude net behannele is. Miskien is McKay fan betinken dat dat in "more elementary school grammar" is, mar oan 'e oare kant, de "Lytse Fryske spraekleare" fan Postma & De Clerq nimt er al op, en boppedat is de "Spraeklear", op de "Petit manuel de Frison de l'ouest" fan Anglade nei, de iennichste troch McKay behannele grammatika dy't noch regulier yn 'e hannel is.

De grammatika's sels wurde behannele yn alfabetyske folchoarder neffens auteur. Njonken de hjirboppe neamde binne dat foar it Frysk de wurken fan Fokkema (1948), Sipma (1913) en (1948-49), en Sytstra & Hof (1925). Systematysk komme it tal siden, de gruttens, de taal fan 'e beskriuwing, de ynhâld fan 'e haadstikken, de doelgroep en eventuele resinsjes op it aljemint. Njonken sokke objektive dingen besiket McKay ek om oan it "guide" út

'e titel fan syn boek te foldwaan troch mei in wurdearring fan 'e grammatika's te kommen. Foar in part is dy grûndearre op resinsjes, foar in part ek op eigen waarnimming en oardiel. Men soe ferwachtsje dat in angelsaks foar de mear eksoatyske talen de help ynroppe soe fan saakkundigen, mar yn it boek is neat te finen dat dêr op wiist. Yn 'e beskriuwings bin ik oars gjin rarichheden tsjinkaam. Yn al har beheindens jouwe se dochs wol in aardich krekt byld fan 'e grammatika yn kwestje. Opmerklik is al dat foar alle grammatika's neigong wurdt oft it gerundium ek apart ûnderskaat is; foar in bûtenlanner is dat sa't skynt in opfallend skaaimerk fan it Frysk.

Hast in fjirde part fan it boek wurdt ynnaam troch in 53 siden lang oersjoch fan taalkundige teoryen dy't har spoaren yn 'e germaanske grammatika's neilitten hawwe. Ek tsjintwurdich minder bekende figueren en streamings lykas psychologyske grammatika, Adolf Noreen, Otto Jespersen, it Deenske strukturalisme, ynhâldgrammatika, sinfjildteory en dependinsjegrammatika krije hjir in behanneling. It docht jin gjin nij dat de Fryske grammatisi yn ferbân mei de taalkundige teory mar skraachwurk neamd wurde, mar nuttich bliuwt it as jo ût sa'n oersjoch wiiswurde kinne dat immen as A.W. de Groot ynfloed hân hat op Sipma syn "Ta it Frysk" (1948-49).

Foar Frisisten, dy't al dy Fryske grammatika's fansels al lang yngeand bestudearre hawwe, is njonken it teoretyske oersjoch ien fan 'e aardichste kanten fan it boek dat it gelegenheid jout ta ynternasjonale ferliking. Sa docht bliken dat it Frysk wat tal grammatika's oanbelanget fan 'e alve germaanske talen it sande plak ynnimt. Mei ûs seis grammatika's litte wy it Afrikaansk, it Faeroersk, it Yslânsk en it Jiddysk noch achter ûs, en komme we mar fuort achter it Deensk (7) en it Noarsk en Sweedsk (elkmis 8 grammatika's) oan. En dan te betinken dat McKay syn boek al skreaun hie doe't Zhluktenko & Dvuchzilov har "Frizsky Yazyk" en Tiersma syn "Frisian Reference Grammar" fan 'e parsen rôlen!

(S.D.)

Germen de Haan & Fred Weerman: "Finiteness and verb fronting in Frisian". Yn: H. Haider & M. Prinzhorn (eds.): "Verb Second Phenomena in Germanic Languages". Dordrecht (1986), Foris Publications, s. 77-110.

Yn dit artikel stiet de "en + ymperatyf" sintraal. Doel is om nei te gean wat in beskriuwing en ferklearring dêrfan bydrage kin ta de algemiene teory oer de syntaksis.

It earste diel jout in aardich oersjoch fan it Frysk as SOV-taal. Der wurdt sjen litten dat guon sintypen dy't yn 'e earste opslach problematysk lykje, dat by in yngeandere analyze net binne.

Yn it twadde diel komt mear it teoretyske fjurwurk. Oan 'e hân fan 'e fragen a) wat feroarsaket de ferplichte leksikalisearring fan Comp/Infl en b) wat feroarsaket it ferskil tusken haad- en bysinnen, besjogge De Haan en Weerman de "en + ymperatyf". Se komme ta de konklûzje dat der, wat de regel Move V/Verb Second oangiet, gjin ûnderskied is tusken haad- en bysinnen. Der is allinnich dit: Comp/Infl moat leksikalisearje, of as in finyt tiidwurd of as in komplemintearder. Neffens har kin "+tense" nea de oansetter wêze fan Move V, sa't frij algemien oannommen wurdt, mar AGR (agreement) set Move V yn wurking, dat "finyt" en de oanwêzigens fan AGR moatte lykslein wurde. De Haan en Weerman fetsje INFL mei AGR op as in [-N] kategory fan it type X^{o}. Omdat kategoriale haden fan dat slach leksikaal realisearre wurde moatte, ferklearret dat de ferplichte leksikalisearring fan INFL mei AGR. Der is dus gjin apart Move V-meganisme, mar it giet om de konsekwinsjes fan in folle algemiener prinsipe.

De Haan en Weerman komme ta de konklûzje dat INFL fan ymperativen der sa ûtsjocht [$_{INFL}$ -tense, AGR]. Dêr binne noch wol wat fraachtekens by te setten. Ik neam in pear:

a) is it opdûken fan in leksikale, nominative subjekts-NP by guon ymperativen net in markearre gefal, dêr't kontrastaksint mei ûnder spilet, en yn gjin gefal ferplichte?
b) is de tredde persoan, dy't jo dêr soms ek by brûke kinne, net folle mear in ferhoalene twadden-ien? Jo kinne yn it Frysk no ienkear immen oansprekke yn 'e

tredde persoan.

c) AGR is as [-N] kategory fan it type X^{o} en in regearder en in kasustakenner. No moat men yn sinnen lykas:
   - Skamje dy/jim/*har/*him/*jin/*my/*ûs
   - It bêste is en ferskrep dy/jim/jin/my/ûs net
   - It is foar him/har it bêste en ferskrep him/har net

   wol in PRO-subjekt oannimme omdat oars dy anafoaren net bûn wurde kinne. PRO mei no lykwols krekt wer net regearre wurde en kasus krije.

d) at "tense" ynformaasje oer de tiidwurdynterpretaasje fan 'e sin jout, wêrom soe in ymperatyf dan gjin "tense" hawwe? Ferlykje:
   - Doch it no/moarn/ynienen/op slach
   - *Doch it sakrekt/juster/doe/okkerdeis

Ik bin dus lang net wis dat alle ûtstellen like goed en fruchtber binne. Mar it is likegoed faksinearjend om te sjen hoe't sokke mannen mei har materiaal omgeane. En de fragen dy't oproppen wurde, wienen sûnder sa'n stik nei alle gedachten net yn jin opkommen.

(W.V.)

Taal en Tongval 37 (1985), nr. 3/4.

H.T.J. Miedema besprekt de wurden waar en gewier mei har anneksen. Hy giet de oerlevering yn 'e Aldfryske boarnen nei, besjucht de dialektfoarmen en besiket dan wat te sizzen oer it ferskil yn fokaal yn beide wurden. Gewier, -wier bringt er tebek op in Aldfrysk *gewidere (âi. (un)-gewidere, Dûtsk Gewitter). Waar is ûntstien ût weer, de gearlutsen foarm fan weder. Oer de aparte oergong ee > aa yn dat wurd kin Miedema gjin ûtslutsel jaan, mar hy wiist op in pear ferskynsels dy't dy oergong befoarderje kinnen ha.

Yn dit nûmer fan T. en T. stiet ek in artikel fan J. de Rooij: "De toekomst in het Nederlands I. Over het uitdrukken van de toekomende tijd in standaardtaal en dialect". Dêr komt ek Frysk materiaal yn oan bod.

(J.H.)

Us Wurk 34 (1985), nr. 3/4.

Yn 'e lêste jefte fan Us Wurk fan 'e jiergong 1985 steane, útsein L. Flapper har stik oer de dichter-skilder Gerben Rypma, inkeld taalkundige bydragen. T.B. Hoekema skriuwt yn "Ta de bynwurden jef/of en jefta/ofta" oer it Ûntstean fan ferlingingen resp. ferkoartingen fan dy bynwurden. Hy giet dêrby ek noch efkes yn op 'e nijsgjirrige kwestje oft it skreaune bynwurd oft [ɔt] net in argaîsme is. Neffens him soe [ɔt] feitliks stean foar at, dat er ôfliede wol út dat. Hoekema leveret fierders in bydrage oer de etymology fan de wurden "sjoel(j)e; sjouwe". S.J.H. Reker behannelet de "Invoeging van -(e)l- in Nederlandse, Groninger en Friese woorden". It giet dan om sokke wurden as hingelslot en drinkeldeade yn it Frysk. Reker stelt in suver fonologyske ferklearring út foar de ynfoeging fan -(e)l-. W.J. Buma beskriuwt yn syn 87ste wurdsneuperij de etymology fan "Nijfrysk olter 'âld dekreid'". G. van der Meer, by eintsjebeslût, anderet op it stik fan P. Kramer yn 'e foarige Us Wurk dêr't dy besocht om in oare ferklearring te jaan fan it Ûntstean fan 'e Nijfryske brekking as at Van der Meer yn syn proefskrift (Frisian 'Breaking', Grins 1985) dien hie.

(J.H.)

YNHALD

Germen de Haan, Frysk prate en praten.....1
Jarich Hoekstra, De Fryske nammen foar de Asio flammeus (Pontoppidan).....12

Besprek

Festschrift Dr. F.Paulsen (Siebren Dyk).....21

Op it mêd.....28

TYDSKRIFT FOAR FRYSKE TAALKUNDE

ferskynt trije kear jiers

Redaksje: Siebren Dyk, Jarich Hoekstra, Willem Visser

Redaksjeskriuwer: Siebren Dyk
Folkert Kuperstrjitte 49
8491 DE Akkrum

Administraasje: Willem Visser
Heemstedestraat 3II
1059 CX Amsterdam

Abonneminten: ƒ 18,- foar partikulieren
ƒ 30,- foar ynstituten en biblioteken